

[0199]

3. *Reynsch doeker*

Yn O III 32.68 lêze wy:

`Kempa Clute wyff om hluud van tre haedoeken

*Reynsch doeker* ocht dae tweer ende dy tredda ocht Rommert waynmans wyff'.

It earste stik is dúdlik: it wiif fan Keimpe Klute giet it sizzen fan, dat se trije holdoeken (stellen hat). It lêste stik fan it sitaet kinne wy splisse yn twaën: oan 'e iene kant de tredde holdoek (dy't Rommert waynmans wiif takaem, tahearde) en oan 'e oare kant de twa (holdoeken, dy't Reynsch takamen, tahearden). Mar hoe moatte wy mei *doeker*? It liket der op dat it mei (dy hol)*doeken* út to stean hat. Dat sil Sipma yn earste opslach faeks ek tocht ha doe't er it mei in lytse letter printe. Bisjogge wy it hânskriift, dan stiet der *doek* mei in streek troch de *k*. Sipma loste *doeker* op. Dy streek troch de *k* hat by myn witten (krekt as by de *b* en de *l*) deselde funksje as it algemiene ôfkoartingsteken (in hael nei ûnderen) by de measte oare tekens foar konsonanten; it stiet foar *en*, *e*, ek wolris foar *a*, foar *es*, *is* en ek wolris foar *s* allinne yn it plak, mar by myn witten nea foar *er*. Dan waerd it heakje' brûkt. Op dy groun kin hjir dêrom better *doekes* of *doekis* lêzen wurde. In namme? *Reynsch Doekis*? Stelle wy it sa, dan wurdt de sin aerdich dúdliker: Reynsch Doekis miste twa holdoeken en Rommert waynmans wiif miste ien holdoek.

Sipma hat *Reynsch doeker*, beide byinoar dus, letter wol as namme opfette (sjoch it nammeregister), mar hy moat *doeker* dan as by-, skel- of biropsnamme opfette ha: *doeker* stiet net apart yn it register.

Folsleine wissichheit krije wy as wy yn it Register fan Oanbring sneupe. Yn diel I, side 20 fine wy har: *Rinscka Doekes* (2 x) en *Reijnsck Doekes* (1 x) as eignerske fan steden, de ûndergroun dêr't oaren in hûs op hiene (erfpachtsforhâlding) yn Aldehouster Espel. Under Goutum hie se lân (Reg. fan Oanbr.

I, side 50), allyksa ûnder Bilgaerd (Reg. fan Oanbr. I, side 78), op 't Nijlân (Reg. fan Oanbr. I, 82) en to Lekkum (Reg. fan Oanbr. I, 87). As *Rijnsck Doeken* (sûnder mis ek in forkearde oplossing út *Doek* mei ôfkoartingsteken) fine wy har as lânfrou ûnder Wyns yn Reg. fan Oanbr. I, 254 en as *Reynsck Doeckes* ûnder Warstiens (Reg. fan Oanbr. I, 270). Har fierdere namme sjogge wy út it Reg. fan Oanbr. II, 3 as *Reynsck Doecka Grauden weduwen* (de útjefte fan Tjessinga skriuwt *Reynsck Doecka Granden weduwen*, dat my minder goed taliket) ûnder Deinum. Dit mei genôch wêze <sup>1)</sup> om *Reynsch* as *Reynsch Doekis* en net as *Reynsch doeker* to lêzen. Hja wie (yn 1511) de widdou fan *Doecka Grauda* foar 't neist. Bikendernôch is de skriuwweise -aud- < -auld- < -ald- <sup>2)</sup>, wylst de útgong -da of -de meastal oanjown waerd troch *d* mei it algemiene ôfkoartingsteken, dat forskillend oplost wurde kin, al nei't it nedich is. Sjoch boppe. Foar *Grauden* (wy ha it hânskrift net ta ús foldwaen, noch in foto) sil dêrom better *Grauda* of *Graude* lêzen wurde kinne, dat wer ûntstien wêze moat út *Gralda*. *Doeke Gralda* nou wurdt neamd yn O I 505 (dy't fan 3 oktober 1505 is) en ek yn ús stik O III 32.186 (dy't fan 1502, 1503 en 1504 hjit to wêzen). *Remcke Doeke Gralden* yn it Register fan Oanbring I, side 270, rigel 2 sil op groun fan it boppesteande nou ek wol dúdlik wêze, dat it in forlêzing of forskriuwing is foar *Reinscke* of *Renske Doeke Gralde*.

It bislút fan dit stikje oer *Reynsch doeker* moat yn alle gefallen wêze, dat *Reynsch doeker* èn yn de tekst fan O III 32.68 èn yn it nammeregister *Reynsch Doekis* wurde moat.

1) De dielen dy't Tjessinga útjoech ha'k har ek noch alris yn foun as eigerske fan lân of rinten: nû. 1476 (Menaem) 'Hil Douwa *Granden* (lêe *Graude*) wed. geeft *Reynsck Docka* wedue 25 fl. renten', 1645, 1659, 1676, 1689 (Marsum) '*Reynsck Doecka* weduwe', 1692 (Marsum) '*Reynsck Doecka Grande* (lêe ek *Graude*) wedue toe Leeuwairden', 1708 en 1919 (Marsum en Deinum) '*Reynsck Doecka Grande* (lêe ek wer *Graude*) wedue', 1943 en 1972 (Deinum en Boksum) '*Reynsck Doecka* wedue'.

2) G. Gosses, De Friesche Oorkonden uit het Archief van het St. Anthony-Gasthuis te Leeuwarden. I, Bolsward 1928, side 59, 136, 138 en 140.

J.S.H. Boersma, De Friesche Oorkonden uit het Archief van het St. Anthony-Gasthuis te Leeuwarden. II, Amsterdam 1939, side 2 en 92.